Beantwoording schriftelijke vragen artikel 44 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag	**:**	17-18
Datum indienen vraag	:	29 mei 2017
Naam vraagsteller	:	mw. W. Poelman (FNP)
Portefeuillehouder	:	dhr. J. Spoelstra
Ambtenaar	:	dhr. E. de Boer
Datum akkoord college	:	19-6-2017

Underwerp
Navigaasje systemen

Op 29 maaie 2017 had de FNP-fraksje fragen steld oer de navigaasje systeems. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding
Okkerdeis kaam op it Monnikepaad yn Gerkeskleaster in Poalse frachtwein fêst te sitten. Dat komt omdat dit in fytspaad is en healweis in fee-roaster sit, wêr't oars net as fytsers en rinners del kinne.
Dat dit bard is hat in soarchlike reden; as jo yn it doarp of sels dêr bûten binne, en jo moatte nei Monnikeweg 1, de pleats fan Bylsma, dan stjoere de measte navigaasje-systemen jo oer dat fytspaad! It systeem wit net dat jo oer de Verlaatsterweg en fia de Trekwei moatte. Dat wit allinne ien dy't út de omjouwing komt en dêr bekend is.
No wie it in frachtwein, it wie in hiele toer om dy leech te skeppen en om wer fan it paad ôf te lûken. Mar dit betsjut dat helptsjinsten dizze rûte ek troch krije.

Fragen
Omdat dit probleem blykber noch net oplost is, de folgjende fragen:
1. Is it kolleezje bekend mei it feit dat dit probleem spilet?
2. Wit it kolleezje dat dit probleem bygelyks ek yn Stynsgea by de Feartswâl spilet?
3. Sil it kolleezje by de oanbelangjende ynstânsjes alle war dwaan om oanried-rûtes yn ús gemeente korrekt op de navigaasje-systemen te krijen?

Reaksje kolleezje
1. Nee. De online navigaasje systemen (ANWB, TOMTOM, Routenet, Michelin) jouwe de rûte Verlaatsterweg-trekweg wis wol oan (sjoch bylage). It sketste byld kloppet dus net. It kin wêze dat âldere fersys de rûte net goed oanjouwe, dat kinne wy net neigean. Op de boerden stiet dúdlik oanjûn dat it Monnikepaad in fytspaad is.
2. Dizze sitewaasje is net bekend by it kolleezje en it kolleezje freget him ôf hokker proboleem dêr spilet.
3. De gemeente hat by de helptsjinsten neifraach dien oer de oanrydrûtes. De plysje hat fia de meldkeamer in sabeare melding oanmeitsje litten op de Monnikenweg 1. Likernôch fan de kant fan Kollum as fan de kant fan Doezum waard de rûte fia de Trekweg oanjûn.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,
mr. drs. E.H.C. van der Laan

boargemaster,
G. Gerbrandy